

TOANIELPRIIZEN 2004-2005 EN 2005-2006.

Dit jier komme 2 mannen yn de beneaming foar de "**Jisk Drijver priis**" yn ferbân mei itselde oantal behelle punten.

1. De "**Jisk Drijver priis**" foar de bêst spile manljusrol: **Durk Dijkstra**, krite Utert/Seist, yn de rol fan Frâns Tadema yn it stik "Anke springt yn de bûtenhaven". (oarkonde + boekebon + karmastersrapport).
2. De "**Jisk Drijver priis**" foar de bêst spile manljusrol: **Harke Hofman**, krite Utert/Seist, yn de rol fan Reinder Heechterp yn it stik "Anke springt yn de bûtenhaven". (oarkonde + boekebon + karmastersrapport)

De priis, mei eare neamd, foar de neistbêst spile manljusrol, wurd net útrikke yn ferbân mei de 2 takende earste prizen.

3. De "**Antsje Drijver-Huizinga priis**" foar de bêst spile frouljusrol: **Ingrid Steenbeek**, krite Amersfoart, foar har rol fan Rika yn it stik "De Goate" (oarkonde + boekebon + karmastersrapport)
4. Mei eare neamd foar **de neistbêst spile frouljusrol**: **Richtje de Jong-Tolsma**, krite Utert/Seist, foar har rol fan Fimke yn it stik "Anke springt yn de bûtenhaven ". (oarkonde) Richtsje wie gastspiler bij dizze krite, sy is selst fan krite Boadegraven.
5. **De stipe priis** is takind oan **Ina van der Wal**, krite Amersfoart, yn de rol fan Pien yn it stik "De Goate". (oarkonde)
6. De priis foar **de bêst spile byrol**, de "**Jaap van der Veen priis**" foar de bêste jongere spiler/spylster, de **Rezjypriis** en de **Dekorpriis** wurde net útrikke. Reden hjirfoar is dat der te min dielnimmers wiene oan de toanielkriich.

Alphen aan den Rijn, 1 Novimber 2006,
Sije van der Meer